SJOCHST

NO WOL

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 727 9
1e printing 2014
© 2014 h.m. daams

Utjouwerij Elikser
Ossekop 4
8911 LE Ljouwert
Til: 058 - 289 48 57
www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk: Evelien Veenstra
Lito foarkant: Siet Zuyderland

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

SJOCHST

NO WOL

h.m. daams

Elikser
UITGEVERIJ

foar nicoline wa oars

Ynhâld

Binnenst' bûten 9

Sidi harazem 2 11
The red wall 12
Stilleven 'in licht gevangen' 13
Rita 14
Projet pour un livre v 15

De omkearde wrâld 17

De tilleskoop 19

Haadstik ien It tinkbyld 21
Haadstik twa Benaude tsjinspraak 22
Haadstik trije In blik yn 'e fierte 23
Haadstik fjouwer In tydlike wissichheid 24
Haadstik fiif De útnoeging 25
Haadstik seis Veni sed non vidi 26
Haadstik sân Alles ferfettet syn deistich berin 27

Wat hiest sjoen 29

Moving pictures 31

De ûnskuld is yn it wyt klaaid 33
Conversation piece 34
In kwestje fan perspektyf 35
Twa fammen yn in boat 36
In pear dagen der tuskenút 37
Spoeksel of drôchbyld 38
De frijheid is yn it wyt klaaid 39

Kaarten 41

Eachpunten en aansichtkaarten 43

Carcassonne ‘cité médiévale 45
Groeten uit Leek 46
Leek 26 5 88 48
Vlieland (echte foto) 49
Cannes (Alpes Maritimes) La Croisette 50
Cannes 5 4 89 51
Lêst in postrinder 52
Frjemde postsegels 53

BINNENST’ BÛTEN

SIDI HARAZEM 2 (PIET FIOOLE)

lânskip dêr't
alle emoasje út
weiband is
alle taal oan
ûntfytmanne

sljocht
de hichten
flak
de delten

ûnferweechlik
de ferstowings

ôfrjochte romantyk

THE RED WALL (SIET ZUYDERLAND)

mei rjocht en reden
neame se dizze fasade
dit twadiminsjonale gebou
de reade muorre

tsjin 'e gevel
in trep foar de foarm
losse liedingen
tichte kontaktdoazen

twa triedsjes kabels yn werklikheid
ferbine de loaze romte
mei neat fjilden
noch wegen noch minsken

wat oars brocht de eigner
ta dit monogroom fertoan
as kleur
bekenne yn 'e leechte

STILLEVEN ‘IN LICHT GEVANGEN’ (HANS ANDRINGA)

stiller as dit
kin it libben net wurde
trije reade appels

dêr ’t de râne
fan ‘e skaal
trochhinne skimeret

allinne
al dat wyt
al dat ljocht

RITA (FRANS EVENHUIS)

ûntspand heldin
fan it wite doek

sjoch

in keppel geiten
robynreade weagen

koalswarte dowen
heal sletten

in keppel skearde skiep
pearelwyt uteraard
achter in skarlekken lint

twillingjongen fan gazellen
dy't tusken leeljes weidzje
swartsatinen gloaiïngs

sensueel smeulende sigaret
(dêr't de skrift net fan sprekt)

omseame dream
man made

PROJET POUR UN LIVRE V (ALBERTO GIACOMETTI)

skouwe
each
opslach

de wrâld
de wrâld
de minske
in wolf

lykas

bywenner
en passant
voit et vient

faach
fertroude

flechtige

frjemde

skru
tene skym